

Kolleezje fan Deputearre Steaten  
o.f. E. Folkerts  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 13 novimber 2024

Achte deputearre Folkerts,

Kommende sneon is it 'Kneppelfreed', de dei dêr't yn Fryslân jierliks op betocht wurdt dat op freed 16 novimber 1951 in grutte kloft Fryskpraters mei de plysje yn gefjocht rekke oer it brûken fan it Frysk yn de rjochtbank. Dy 'Slach op it Saailân', sa't der ek wol oan referearre wurdt, hat alle lettere emansipaasje fan de Fryske taal yn gong set.

In wichtich ûnderdiel fan dy emansipaasje is ek it fersyk oan DINGtiid d.d. 5 july 2023 fan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, om, nei oanlieding fan moasje 36 200 VII, nr. 132 yn de Twadde Keamer, ûndersyk te dwaan nei de ynstelling fan in lanlik gremium foar it Frysk. Dat ûndersyk ha we dêrnei opnaam yn ús rinnende Wurkprogramma.

Hjirby bied ik jo út namme fan it bestjoer fan DINGtiid, it ryksadvysorgaan foar de Fryske taal, de advysnotysje oangeande it ynrjochtsjen fan in Lanlike Kennistafel Frysk (LKF) oan. Jo krije dit tagelyk mei de minister tastjoerd.

Om't de stap rjochting in lanlik gremium foar de Fryske taal sa't dy yn de advysfraach besletten lei en yn de notysje útwurke wurdt, gerêst histoarysk neamd wurde mei, sille we der kommende sneon, as de 73e betinking fan Kneppelfreed wêze sil, dan ek graach omtinken oan jaan yn de Fryske mienskip.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster  
foarsitter DINGtiid

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 0.11  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid